

De medyske studint

skreaun foar in Bernlef-kabaret yn 1962

in sut'rich medyske studint Dm C
seach al syn maten frijen Dm F
hy sei: dat is wat my krekt sint Dm C
mar hoe kin ik in wyfke krije? F C Dm

hy gie ris nei kolleezje ta, en seach, o, leave sije,
in famke mei fan alles sà, hja stie in lyk te snijen

kearsang: *bern, bern, do bist sa knap* Dm C
 sa rjocht fan liif en leden Dm C
 en boppedat: do snijst sa knap Dm C
 mei moaie rjochte sneden F C Dm

it famke krige doe in kaam en snied har yn 'e tomme
sa waarden hja doe feint en faam, wat kin der fan snijen net komme!
mar soms as hy nijgjirrich wie nei har anatomije
dan skuorde hja him oan it hier, en sei: dat wol ik net lije

kearsang: *bern, bern, wat dochst no bryk*
 sa kinst it noch bedjerre
 do bist sa krekt in kat gelyk
 en ik, ik fiel my frustrearre

sa gie dat noch in skoftsje troch, hy koe har net beprate
hy sei: noch efkes dit gedoch en ik moat nei de psichiater
it famke joech doe dochs mar ta en liet har sjen, beskamme
hy seach har dêr ynienen sa en krige in hertferlamming

kearsang: *bern, bern, it wie sa moai*
 sa moai foar ús tegearre
 mar no'k pas sjoch hoe moai as't bist
 moat ik fan alteraasje stjerre!

op snijseal leit no in studint, hy koe syn lok net fine
en it famke dat it mes opnimt, docht dat mei har herte fol pine